


Tsjeklist

SCHEIDEN IN FRIESLAND.NL



De tsjeklist

Do giest skieden en dêrmei útinoar. In ferfelende situaasje, dêr't ek nochris in soad by sjen komt. Sawol praktysk as emosjoneel. Ynienen moatst miskien meubels ferdiele, in âlderskipsplan meitsje of oer alimintaasje begjinne. Hântekens sette ûnder papieren dyst leaver net sjoen hiest. Wêr moatst begjinne, wat is belangryk by in skieding en hoe soargest dat alles goed regele is?

Mei dizze tsjeklist helpe wy dy op paad.

Op scheideninfriesland.nl fynst noch mear ferdjipjende ynformaasje om dyn skieding yn Fryslân goed te regeljen.

De 5 stappen yn de tsjeklist

Dizze tsjeklist bestiet út fiif stappen. Alle stappen mei in oar tema en in oar doel. Troch de tsjeklist te trochrinnen kinst alle aksjes sjen dy't belangryk binne, en oanfinke wannear't in aksje klear is.

- 1 Partner en bern fertelle oer de skieding
- 2 Ofspraken oer de bern meitsje
- 3 Ofspraken oer jim wenning, besittingen en finânsjes meitsje
- 4 Skieding oanfreegje by de rjochtbank en de gemeente
- 5 Makke ôfspraken útfiere



Stap 1: Partner en bern fertelle oer de skieding

In skieding hat in grutte impact. Op dy, dyn (eks) partner en de bern. It is dêrom wichtich om yn it hiele proses goed kommunisearjen te bliuwen.

It petear oangean mei dyn partner en dyn bern is dan ek de earste stap fan dyn skieding.

Lês hoe 't je it petear oangean kinne →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/petearoangean

- Gean it petear mei dyn partner oan.
- Gean yn gesprek mei de bern.



Stap 2: Ofspraken meitsje oer de bern

As jim bern hawwe, is it fan belang om dêr goede ôfspraken oer te meitsjen. Oanret wurdt om dit ûnderdiel as earste yn oarder te meitsjen, sadat jim de bern hjiroer op koarte termyn dúdlikheid jaan kinne. De ôfspraken dy't makke wurde, lizze jim fêst yn in âlderskipsplan.

- Kies in omgongsregeling.
- Meitsje in ferdieling yn kosten foar de bern.
- Meitsje mei-inoar ôfspraken oer de omgong, it ûnderhâld en de kosten fan de bern.

Brûk dêrfoar ús foarbyld fan in âlderskipsplan as paadwizer foar de ferskate tema's.

- Foech de makke ôfspraken gear yn in âlderskipsplan.

[Download in foarbyld âlderskipsplan](#) →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/alderskipsplan



Ferlytsje de gefolgen foar de bern

In skieding hat grutte gefolgen foar de hiele húshâlding. Foar de measte bern is it in hiele grutte feroaring en faak in fertrietlike tiid. Foar dyn bern is it dêrom wichtich dat jimme as âlders yn petear bliuwe. Jou se útlis, sadat se witte wat der oan de hân is. Lit it normale libben ek trochgean; hobby's en boartsje mei freonen binne wichtich foar de ûntwikkeling.

[Lês mear oer de impact op bern](#) →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/bern

Stap 3: Ofspraken meitsje oer jim wenning, besittingen en finânsjes meitsje

3.1 - Ofspraken oer jim wenning

It is wichtich om de ôfspraken dy'tst makkest goed fêst te lizzen. Dat dogge je yn in echtskiedingskonvenant. Kinst dêrfoar ús foarbyld brûke.

[Download foarbyld echtskiedingskonvenant](#) →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/echtskiedingskonvenant

Ofspraken oer in keapwenning

Kinst yn dyn hûs wenjen bliuwe? Moatst op syk nei in hierwenning? Hoe bepale je in eventuele útkeapsom? Regelje dyn takomstige húsfeesting goed en meitsje dúdlike ôfspraken.

[Sjoch hjir wat der regele wurde moat foar dyn wenning](#) →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/wenning

- Bepaal of ien fan jim yn de wenning wenjen bliuwt
- Ferlitst de wenning? Sykje fêst de mooglikheden foar oare wenromte.
De wachtlisten foar in hierwenning kinne lang wêze, skriuw dy dêrom fêst yn by de wenningkorporaasje.
- Wenje jimme tidens it proses fan skieden al apart, meitsje dan ôfspraken oer dizze ekstra wenlêsten en nim de makke ôfspraken op yn it echtskiedingskonvenant.



Keapwenning oanhâlde

Bliuwt ien fan jim yn de keapwenning wenjen?

- Neem Nim kontakt op mei dyn hypoteekferstrekker en oerlis de mooglikheden.
- Bepaal de útkeapsom. Meitsje eventueel gebrûk fan in resinte weardebepaling.
- Nim de makke ôfspraken op yn it echtskiedingskonvenant.



Keapwenning ferkeapje

Beslute jim it hûs te ferkeapjen?

- Nim kontakt op mei de ferkeapmakeler.
- Meitsje ôfspraken oer de ferdieling fan eventuele kosten en tsjinsten nei de ferkeap, en nim dizze ôfspraken op yn it echtskiedingskonvenant.



Hierwenning

Hawwe jim in hierwenning? Nim dan kontakt op mei de ferhierder om de situaasje en mooglikheden te bepraten.

- Nim kontakt op mei de ferhierder.
- Meitsje ôfspraken oer de ferdieling fan eventuele winsten of kosten.



3.2 - Ofspraken oer jim besittingen

Ofspraken oer besittingen

Yn it skiedingsproses krijst der nei alle gedachten mei te meitsjen; de ferdieling fan de ynboel en besittingen.

Guon besittingen hawwe in hege emosjonele wearde en binne lestich yn jild út te drukken. It ferdielen dêrfan kin faak diskusjes en emoasjes oproppe. Besykje hjirynt om inoar it bêste te gunnen. Komme jimme der tegearre net út, dan kin de rjochter beslisse oer dizze ferdieling.

- Meitsje in kompleet oersjoch fan al jim besittingen en jou elk item in wearde.
- Ferdiel alle items ûnderling en tel per persoan de totale wearde op. Meitsje ôfspraken oer it eventuele ferskil yn wearde en nim de ôfspraken op yn it echtskiedingskonvenant.



3.2 - Ofspraken oer jim finânsjes

Ofspraken oer pensjoenen

In eks-partner hat somtiden rjocht op in part fan it pensjoen. Hoe't dit foar dyn pensjoen regele is, hinget ôf fan hoe en wêrst dit opboud hast.

Lês mear oer de mooglikheden foar pensjoenen →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/pensjoenen

- Meitsje ôfspraken oer hoe't jim de opboude pensjoenen ferediele.
- Nim de makke ôfspraken op yn it echtskiedingskonvenant.



Ofspraken oer partneralimintaasje

As je útinoar gean, dan kin it wêze dat ien fan jimme alimintaasje betelje moat. Der is partneralimintaasje en bernelalimintaasje. Alimintaasje is in ûnderhâldsplicht. Ek al binne je skieden, je bliuwe tydlik finansjeel foar inoar soargen.

Lês mear oer partneralimintaasje →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/alimintaasje

- Meitsje ynsichtlik oft jim beide finansjeel rûnkomme kinne nei de skieding.
- Bepaal tegearre it bedrach oan partneralimintaasje.
- Nim de makke ôfspraken op yn it echtskiedingskonvenant.

Komme jimme der tegearre net út, skeakelje dan de help yn fan in mediator of lit de rjochter beslisse.



Ofspraken oer jildsaken

Regelje ek dyn jildsaken goed. Tink dêrby oan it ferdielen fan dyn sparjild mar ek rinnende rekkens. Ferjit dyn skulden net, sa komst net foar ferrassingen te stean.

Lês mear oer jildsaken →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/jildsaken

- Meitsje in oersjoch fan jim fermogen op it stuit fan skieden. Tink dêrby oan sparjild, belizzingen en bygelyks cryptovaluta.
- Bepaal in ferdieling fan dit fermogen.
- Meitsje in oersjoch fan jimme rinnende skulden en bring yn kaart wa't dêrfoar op dit stuit oanspraaklik is.
- Bepaal per skuldeasker wa't dizze skuld oernimt.
- Nim de makke ôfspraken oer jim fermogen en skulden op yn it echtskiedingskonvenant.



Ofspraken oer fersekerings

De kans is grut datst fersekerings rinnen hast. De soarchferseking, autoferseking en ynboel ferseking binne dêr foarbylden fan.

Lês mear oer de ferdieling fan fersekerings →

scheideninfriesland.nl/tsjeklist/fersekerings

- Meitsje in oersjoch fan jim rinnende fersekerings.
- Meitsje ôfspraken oer it ferdielen fan de poalissen.
- Nim de makke ôfspraken op yn it echtskiedingskonvenant.
- Skriuw alfêst op hokker fersekerings oftst sels ôfslute moastst nei de skieding.
- Skriuw alfêst op foar hokker fersekerings oftst dy útskriuwe moastst en it adres wizige wurde moat nei de skieding.



Ofspraken by ferstearren

In skieding kin ynfloed hawwe op de situaasje nei it ferstjerren. It is dêrom ferstannich om ek te sjen nei de rinnende ôfspraken by ferstjerren en hoe't jim dat nei de skieding ynrjochtsje wolle.

- Bepaal oftst dyn hjoeddeistige testamint oanpasse wolst.
- Bepaal of jim oanfoljende fersekerings nimme foar alimintaasje en it ûnderhâld fan de bern, yn gefal fan ferstjerren fan ien fan jimme beiden.



Stap 4: Skieding oanfreegje by de rjochtbank en de gemeente

Om in skieding wettich te meitsjen, is it nedich om de skieding by de rjochtbank en gemeente oan te freegjen. It oanfreegjen fan de skieding by de rjochtbank wurdt dien troch in advokaat.

Lês mear oer it kiezen fan in advokaat



scheideninfriesland.nl/tsjeklist/advokaat

- Nim kontakt op mei in advokaat en freegje de skieding oan.
- Sammelje de dokuminten dy't nedich binne en stjoer se troch nei de advokaat.

De rjochter beslút faak binnen in pear wike. Wannear't jim nei de útspraak net yn heger berop gean, sil de advokaat de útspraak ynskriuwe by de gemeente. Om dit proses fan ynskriuwen te fersneljen is it mooglik om in 'akte fan berêsting' te ûndertekenen. Freegje hjirnei by dyn advokaat.



Stap 5: Nei de útspraak fan de skieding

No 't jim skieden binne, is it mooglik nedich om in tal saken te regeljen.

Wenning en ynboel

- Wenlêsterekken ynrjochtsje
- Hierkontrakt op namme sette
- Hier opsizze
- Kontakt mei makeler ûnderhâlde
- Hypoteek oanpasse
- Rinte middeling regelje
- Nagaan oft der ferhúsfergoedings mooglik binne
- Ferdielen fan de ynboel



Fersekeringen

- Adres wizigje by rinnende fersekeringen
- Nije ûntbrekkende fersekeringen oanfreegje



Bern

- Ynformearje nei mooglikheden fan skoallen yn de nije wenomjouwing
- Ynformearje nei mooglikheden berne-opfang yn de nije wenomjouwing
- Hjoeddeistige skoalle fan de bern ynformearje oer adreswiziging en wa 't wannear 't de bern ophellet
- Sportklups en ferieningen ynformearje
- Kinderbijslach op namme fan oanbelangjende âlder sette



Rekkeningen

- Eventueel nije persoanlike bankrekkening iepenje
- Ferdielen fan de mienskiplike bankrekkenings
- Bankrekkeningen oerdrage en omsette
- Automatyske oerskriuwingen feroarje
- Bernekosterekken ynregelje



Belesting

- Foarlopige weromjefte belesting wizigje of oanfreesje



Heffingskoartingen en taslaggen

- Rjocht op taslaggen kontrolearje
- Eventueel taslaggen oanfreesje
- Ynkommen soarchtaslach oanpasse
- Ynkommen hiertaslach oanpasse
- Bern bûn budzjet ynklusyf allinnichsteande âlderkop oanfreesje
- Berneopfang taslach oanfreesje of wizigje



Pensjoen

- Ofspraken oer pensjoenen trochjaan oan pensjoenfûns
Alderdomspensjoen besjen



Hast no alle stappen fan de tsjeklist trochrûn. Dat betsjut dat dyn skieding goed regele is. In wichtige mylpeal mar foar in soad minsken ek in yngewikkelde. In skieding hat nammentlik foar langere tiid ynfloed, ek as it regeljen klear is.

In oantal tips foar de takomst:

- 1 Bliuw yn petear mei dyn (eks)partner. Sa ferlytst de impact op it hiele gesin.
- 2 Bliuw ek (krekt no) goed foar dysels soargjen. Dat kinne je ûnder oare dwaan troch te learen hoe't je omgean kinne mei de emoasjes dy't by in skieding sjen komme.
- 3 Wit datst in rouproses trochmakkest.
- 4 Prate luchtet yn in soad gefallen op.
- 5 Kinst by ferskate organisaasjes dyn ferhaal kwyt of ûnderfningen fan oaren lêze.

Lês mear oer it ferwurkjen fan dyn skieding op

**SCHEIDEN IN
FRIESLAND.NL**

